

PARSEBERJOCHT

18 oktober 2019

Soarch oer de takomst, takomst fan de soarch

Omrop Fryslân dûkt fan 24 oktober ôf yn de wrâld fan de Fryske soarch. Der is personielskrapte, mar trochdat we âlder wurde nimt de fraach nei soarch ek ta. Hoe bliuwt de hiele soarch hjir oerein en betelber? Dokters, pasjinten en bestjoerders fertelle.

Sa wurde we meinommen nei ien fan de grutste e-health pilots fan it lân. Kontrôle op ôfstân. Mei in appke kin de pasjint thús in hertfilmke meitsje en opstjoere. Ut it hiele lân wei komme al dy gegevens binnen yn Dokkum. It kontakt tusken pasjint en dokter wurdt tiid- en lokaasje-ûnôfhinklik makke en dat is neffens kardioloog Igor Tulevski de takomst. Want wolle wy romte hâlde yn it sikehûs foar de akute soarch, dan sil de groanysk sike pasjint safolle mooglik thús de soarch krije moatte.

In oar tema is previnsje. Wa't net siik wurdt, hoecht ek gjin soarch, sa is de gedachte. By sosjaal wurkbedriuw Caparis pakke se dat grut oan mei de pilot 'het nieuwe gezonde werken'. De wurknimmers wurde dêrby coacht yn sûner ite, mear bewege en better sliepe. Ek de direkteur docht mei en wit yntusken as gjin oar wat mear sliep opleveret.

Earste ôflevering

Yn de earste ôflevering op tongersdei 24 oktober binne we op 'en paad mei de ambulânse. Dêr begjint al in part fan de behandeling. Fan ferfier nei it sikehûs is de ambulânse feroare yn de eagen en earen fan de (hús)dokters. De behandeling start al op it momint dat de pasjint ophelle wurdt. Ynkoarten wurdt der proefdraaid mei in systeem mei help fan keunstmjittige yntelliginsje, dat de ferpleechkundigen noch better helpt ta in diagnoaze te kommen.

Soarch oer de takomst, takomst fan de soarch

'Hoe helpt dûnsjen by Parkinsonpasjinten? Wat moat de húsdokter fan de takomst allegear kinne? Hoe kinne je sels regelje dat je sa lang mooglik thús wenjen bliuwe kinne? Mear út it sikehûs wei, mear soarch thús krije, mear mooglikheden troch bygelyks te operearjen mei de robot en gebrûk te meitsjen fan keunstmjittige yntelliginsje. It komt allegear foarby yn de nije njoggendielige searje 'Soarch oer de takomst, takomst fan de soarch'. Fan tongersdei 24 oktober ôf te sjen by Omrop Fryslân op telefyzje en online.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

18 oktober 2019

Zorg over de toekomst, toekomst van de zorg

Omrop Fryslân duikt vanaf 24 oktober in de wereld van de Friese zorg. Er is personeelskrachte, maar doordat we ouder worden neemt de vraag naar zorg ook toe. Hoe blijft de hele zorg hier overeind en betaalbaar? Artsen, patiënten en bestuurders vertellen.

Zo worden we meegenomen naar een van de grootste e-health pilots van het land. Controle op afstand. Met een appje kan de patiënt thuis een hartfilmpje maken en opsturen. Uit het hele land vandaan komen al die gegevens binnen in Dokkum. Het contact tussen patiënt en arts wordt tijd- en locatieonafhankelijk gemaakt en dat is volgens cardioloog Igor Tulevski de toekomst. Want willen we ruimte houden in het ziekenhuis voor de acute zorg, dan zal de chronisch zieke patiënt zoveel mogelijk thuis de zorg moeten krijgen.

Een ander thema is preventie. Wie niet ziek wordt, hoeft ook geen zorg, zo is de gedachte. Bij sociaal werkbedrijf Caparis pakken ze dat groot aan met de pilot 'het nieuwe gezonde werken'. De werknemers worden daarbij gecoached in gezonder eten, meer bewegen en beter slapen. Ook de directeur doet mee en weet intussen als geen ander wat meer slaap oplevert.

Eerste aflevering

In de eerste aflevering op donderdag 24 oktober zijn we op pad met de ambulance. Van vervoer naar het ziekenhuis is de ambulance veranderd in de ogen en oren van de (huis)artsen. De behandeling start al op het moment dat de patiënt opgehaald wordt. Binnenkort wordt er proefgedraaid met een systeem met behulp van kunstmatige intelligentie, dat de verpleegkundigen nog beter helpt tot een diagnose te komen.

Zorg over de toekomst, toekomst van de zorg

'Hoe helpt dansen bij Parkinsonpatiënten? Wat moet de huisarts van de toekomst allemaal kunnen? Hoe kun je zelf regelen dat je zo lang mogelijk thuis kunt blijven wonen? Meer uit het ziekenhuis vandaan, meer zorg thuis krijgen, meer mogelijkheden door bijvoorbeeld te opereren met de robot en gebruik te maken van kunstmatige intelligentie. Het komt allemaal voorbij in de nieuwe negendelige serie: 'Soarch oer de takomst, takomst fan de soarch' (Zorg over de toekomst, toekomst van de zorg). Vanaf donderdag 24 oktober te zien bij Omrop Fryslân op televisie en online.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.